

Vorbereidend  
Wetenschappelijk  
Onderwijs

Vragenboekje

Voor dit examen zijn maximaal 55 punten te behalen; het examen bestaat uit 18 vragen en een samenvattingsopdracht. Voor elk vraagnummer is aangegeven hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd. Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

## Tekst 1 Bliuwt de Ljouwerter Krante bestean?

- 1p **1** ■ De funksje fan de earste alinea kin it bêste omskreaun wurde as:
- A fraachstelling.
  - B gearfetting yn it foaren.
  - C in priuwke fan de ynhâld.
  - D oankundiging fan it ûnderwerp.
- 1p **2** ■ Wêrom is de lêshonger fan ‘dûbeldlêzers’ (r. 2) deun?
- A Om’t dy fan beide kranten mar ien betelje.
  - B Om’t dy net it folle abonnemintsjild betelje wolle.
  - C Om’t harren lêshonger net grut is.
  - D Om’t harren lêshonger samar wer oer is.
- 2p **3** □ Jou oan hoe’t de skriuwer komt oan it tal fan twahûndert en fyftichtûzen minsken dy’t de Ljouwerter Krante lêze.
- 3p **4** □ Is de konklúzje fan alinea 2 dat de Ljouwerter Krante de wichtichste ynformaasjeboarne is foar de ‘lytse wrâld’, goed ûnderboud? Jou in motivearre antwurd.
- 3p **5** □ Wat is neffens alinea 3 it gefolch fan de saneamde ‘ontlezing’ foar de oare deiblêden yn Nederlân? Lied it antwurd ôf út dyselde alinea.
- 2p **6** □ Binne de fragen yn alinea 4 lykskikkend, ûnderskikkend, of komme allebeide skikkingsfoarmen hjir foar? Jou in motivearre antwurd.
- 1p **7** □ Hokker wurden yn deselde alinea slute oan by ‘ien oerkoepeljend format’ (r. 29)?
- It stik dat bestiet út alinea 5 oant en mei 9 kin yn trije parten opdield wurde.
- 1p **8** ■ Dy dielen kinne oantsjut wurde mei de kopkes:
- A byld – klisjee – ferskil.
  - B finster – sfear – missers.
  - C funksje – foarm – kwaliteit.
  - D tichteby – nivo – ferfrjemdzjend.
- 2p **9** □ Hokker artikels yn de Ljouwerter Krante binne minder fan kwaliteit as de oaren en hoe komt dat?
- 2p **10** □ Wat is de gefoelswearde fan alinea 10? Motivearje it antwurd mei trije foarbylden út de tekst.
- Yn de Ljouwerter Krante binne eins nea primeurs te finen (sjoch r. 58-59).
- 3p **11** □ Neam fjouwer persoanen, ynstânsjes of omstannichheden dy’t dêr de oarsaak fan binne. Jou by elk in koarte taljochting.
- Alinea 12 bestiet út in kettingriddenaasje. Dat hâldt yn dat it gefolch fan it iene, wer in oarsaak is fan it oare.
- 2p **12** □ Hokker kettingriddenaasje is dat yn alinea 12? Beneam de oanbelangjende eleminten as ‘oarsaak’ en/of ‘gefolch’.
- 1p **13** □ Hokker elemint út de gearfetting fan alinea 13 is net earder yn Jansma syn artikel neamd?
- 2p **14** □ Hokker ynhâldlike tsjinstelling falt op by de fergeliking fan alinea 2 en 14?
- 3p **15** □ Op trije plakken wurdt de reden oanjûn wêrom’t it ek foar de Ljouwerter Krante dreech is om in funksje yn nijsfoarsjenning en opiniearring foar in grut publyk fêst te hâlden. Sitearje dy trije plakken.
- 1p **16** □ Op grûn fan de twa fragen yn de earste alinea kin de tekst ferdield wurde yn twa parten. Mei hokker alinea begjint it twadde part?

Yn alinea 4 stelt Jansma de fraach: “Wat hat dy krante dat him sa sterk makket?” Hy opperet in stikmannich mooglikheden.

- 1p **17** ■ Wat is úteinlik Jansma syn oardiel oer de kwaliteit fan de Ljouwerter Krante?
- A Hy fynt dat der neat op de kwaliteit oan te merken is.
  - B Hy fynt de kwaliteit eins mar min.
  - C Hy fynt de kwaliteit net goed, mar ek net min.
  - D Hy fynt de kwaliteit oer it generaal goed, mar der binne in pear minpunten.
  - E Hy fynt de kwaliteit teloarstellend, al binne der wol in stikmannich pluspunten te neamen.
- 6p **18** □ Jou in krityske reaksje op de lêste alinea. Brûk dêr op syn minst trije sitaten út de tekst by en skriuw *net minder as 50 wurden*.

## Tekst 2 Lân, molke, boeren en boargers

- 18p **19** □ Meitsje in gearfetting fan tekst 2. Soargje derfoar dat dy gearfetting foldocht oan de neikommende betingsten:
- de gearfetting hat *net mear as 200 wurden*.
  - de gearfetting hat deselde opbou as de oarspronklike tekst.
- Yn de gearfetting moatte de neikommende ynformaasje-elementen yn de folchoarder fan de oarspronklike tekst foarkomme:
- de âlde wearden;
  - de diminsjes fan de wearden;
  - de fraachstelling;
  - de nije wearden foar lânskip en iten;
  - de oplossingen;
  - de stânpunten fan beide partijen oer de nije wearden foar lânskip en iten.

**Einde**

---